

# Fes 42

*Tony der binne bearen yn 'e bosk!  
hearst se net grommen en grauwen  
- jo sizze 'gebeurd' mar  
- goedfrysk is 'bard'  
Tony de Frysknasjonalistyske  
bearen beare yn 'e bosk!  
de bek fol rankune en wrok  
de klauwen fol hollânsk bloed  
(dat fan 'e joaden is der ôf reind)  
Tony helje de bearen net oan!  
mei har kloeren sille  
se dy ferskuorre  
Ach Tony se sille der  
Fryske lieten by sjonge  
want dat makket alles ommers goed  
Tony sjochsto de bearen foar  
beammen oan?  
sjochst de bloedberûne eagen net  
en de frustrearre geast  
dy't taaleigen boppe  
gerjochtichheid stelt  
Tony leave Tony  
wannear sille dy de skilen  
fan 'e eagen fâle  
nochris sa'n Akademykwestje?  
wis Tony dat wienen  
wer oare bearen  
mar de iene bear  
byt de oare net*